

# BMDFrysk

*Stifting foar in brede maatskiplike diskusje/dialooch oer de  
takomst fan it Frysk*



*Yn dit stik wurdt sketst wêrom 't de stifting BMDFrysk sa'n  
Brede Maatskiplike Diskusje/Dialooch  
fiere wol en hoe 't wy tinke dat ien en oar praktysk foarm krije kin.*

## **Ynhâldsopjefte**

## **Pagina**

1. Wêrom in BMD oer de takomst fan it Frysk?	3
2. Wa hat dêr belang by?	4
3. Doelstellings en ferwachte resultaten	5
4. Oanpak fan de diskusje	6
5. Ôfslutende fragen	9
6. Nota Bene	10
7. De organisaasje	10
8. Fûnswerving en tarieding	11
9. Begrutting	12

## 1. Wêrom in BMD oer de takomst fan it Frysk?

In grut tal minsken yn Fryslân hechtet grutte wearde oan it Frysk en hja wolle graach dat it yn libben gebrûk bliuwt.

Tagelyk witte wy:

- stadich minderet it tal minsken dat it Frysk as earste taal hat;
- de kwaliteit fan de sprutsen taal giet efterút;
- de klassike betingsten en omstannichheden (bygelyks in beskaat kultureel en ekonomysk isolemint) dy't geunstich binne foar it oerlibjen fan ús minderheidstaal ferdwine linkendewei.

De takomstperspektiven foar it Frysk binne alsa net sa bêst. Guon minsken fine sa'n ûntjouwing net slim, oaren sitte der oer yn noed, in grutte groep stiet der net sa bot by stil.

In protte minsken tinke boppedat dat it wol tafalt. It Frysk is yndied wûndere taai en hat al aardich wat maatskiplike feroarings oerlibbe. Lykwols: de kwalitative en kwantitative efterútgong is goed waar te nimmen. Minderheidstalen yn in mei it Frysk fergelykbere posysje buorkje rûnom efterút, der is gjin reden om te ferûnderstellen dat it Frysk in grutte útsûndering wêze sil. De measte wittenskippers en saakkundigen ûnderskriuwe dy ferwachting. Ûndersiken dy't har rjochtsje op it werklike *taalgedrach* fan folwoeksenen en bern yn Fryslân, lykas de universiteit fan Nijmegen dy útfierd hat, befestigje dat byld folslein. Ûndersiken dy't mear basearre binne op *taalhâlding*, lykas de 'fluchhifking' dy't de Provinsje de lêste jierren no en dan útfiert, jouwe in oar en mear posityf byld. Sok ûndersyk jout lykwols romte foar in sosjaal winske beantwurdig. Sa net: dêrmei wurdt wol befestige dat de grutte mearheid fan de ynwenners fan Fryslân wearde hechtet oan it Frysk, lykas yn de earste sin fan dit stikje al steld waard. Mar dat is gjin reden om gerêst te wêzen op de takomst fan it Frysk as kultuertaal yn libben gebrûk.

It soe fantastysk wêze as wy fan it Frysk in útsûndering meitsje koene op de gebrûklike gong fan saken.

Dat sil net ienfâldich wêze. Talen dy 't macht hawwe, formele macht en maatskiplike status, wurde hieltyd dominanter. De taal fan de ekonomysk, steatkundich en kultureel machtige minsken ferkringt de minderheidstaal. Dat is de wenstige regel.

Wat it Frysk oanbelanget, sels al soe men it wolle, dan noch is dy macht anno 2016 net iensidich fan boppen ôf op te lizzen. Suver elts besykjen dêrta hat in earslings effekt. De simpele konklúzje is: mear macht kin de taal allinne mar krije, wannear 't de mearheid fan de ynwenners fan Fryslân dat wol.

Oars sein: it proses fan efterútgong is te kearen wannear't wy der meimekoar echt foar kieze om de taal yn libben gebrûk te hâlden. It kin oars, wannear't wy mei doel de omstannichheden sa meitsje dat it Frysk mear status krijt en hâldt. Soks kin net sûnder flinke feroarings, sawol yn it taalgedrach fan minsken as yn it belied fan oerheden, ûnderwiisinstellings en oare organisaasjes. Sa'n omslach is net frijbluwend. De fraach is: wolle de ynwenners fan Fryslân in bewuste kar meitsje? De BMD is bedoeld om in helder antwurd op dy fraach te krijen.

## 2. Wa hat dêr belang by in klare útspraak oer de takomst fan it Frysk?

- De Fryske taal sels en it kultureel erfgoed dat dêryn besletten is.

De taal kin net foar himsels sprekke. Syn grutste belangebehertigers sille it dwaan moatte. Dat binne de ynwenners fan Fryslân (en ek de Friezen om utens). En fansels in tal ynstituten dat syn besteansrjocht ûntliet oan it fenomeen Frysk. Oer dy ynstituten fierderop mear.

- De Fryske bewegers.

Sa wurdt dúdlik hoefolle draachflak oft der is foar har stribjen. Hja kinne har ynset, doelstellingen, oanpak, toansetting op de útkomst ôfstimme. Har wurk kin oan doelmjittigens winne. Sawol in (út bewegingsperspektyf wei besjoene) negative as positive útkomst kin soargje foar nij elan, oantrún en motivaasje by de efterban.

- De Provinsje Fryslân.

Mei de resultaten fan de BMD kin in dúdlike kar makke wurde foar belied. Beheine wy ús ta it beskermjen fan de rjochten fan Frysktaligen, geane wy út fan de status quo, litte wy de grutte dominânsje fan it Nederlânsk bestean? Of jouwe wy foarm oan in stevich stimulearjend belied dêr't it Frysk mear status troch krijt? No sweeft it belied tusken beide poalen hinne en wer, foar de ien is it ûnfoldwaande, foar de oar tefolle fan it goeie en dêrtroch in boarne fan argewaasje.

- Oare oerheden.

Foar gemeenten jilde fergelykbere ôfwagings as foar de Provinsje. Wannear't ferrin en útslach fan de BMD dêr oanlieding ta jouwe sil it Ryk struktureel ekstra jild beskikber stelle moatte foar de twadde rykstaal.

- It ûnderwiis.

De praktyk is no sa: ûnderwiis yn it Frysk is ôfhinklik fan inkelde leararen en bestjoerders, minsken mei in beskate passy foar it Frysk. Der binne (2017) sa'n 72 trijetalige basisskoallen mei frijwat omtinken foar it Frysk. It giet om minder as 10 prosint fan de bern. Yn de regel hat it Frysk ûnderwiis en ûnderwiis yn it Frysk op fierwei de measte skoallen gjin prominint plak, mocht it al omtinken krije. Dy praktyk kin, wannear't de útkomst fan de BMD dêr oanlieding ta jout, sa bliuwe. Âlden dy't wolle dat har bern yn in mear Frysktalich fermidden les krije, sille dan in skoalle útsykje moatte dy't foar it Frysk kiest. Wannear't út de BMD bliken docht dat minsken har in oar taalgedrach eigen meitsje wolle, dan is it helder dat der in flinke omslach komme moat, mei mear Frysk as fiertaal en as fak op fierwei de measte skoallen. Âlden kinne der dan rûnom fan op oan dat har bern it Frysk goed yn de macht krije. It jout foar alle skoallen yn Fryslân dúdlikheid oer in ûnderwerp dat no altyd boppe de merk sweeft en gauris foar ûnwissichheid by personeel en âlden soarget.

- Wittenskiplike en kulturele organisaasjes.

Foar ynstituten lykas de Fryske Akademy, Tresoar, Fries Museum, Afûk, UCF, Stenden, NHL en (de oerbliuwsels fan) de Fryske stúdzjes oan universiteiten ûntstiet dúdlikheid oer de kontekst dêr't ûndersyk, ûnderwiis, kolleksjefoarming en it beskikber stellen fan kennis foarm yn krije moatte. Stypje se de prosessen dy't anneks binne mei de wrakseling fan in minderheid dy't har taal oerlibje litte wol? Of bestudearje, registrearje, konservearje en ûnderrjochtsje hja in linkendewei, mar ûnomkearber ferdwinende minderheidstaal- en de kulturele uterings dy't dêrmei anneks binne?

### 3. Doelstellings en ferwachte resultaten

Wy wolle alderearst graach dat grutte groepen Friezen iepen mei elkoar prate oer wat de taal foar har betsjut. Us startpunt is in oprjochte soarch, gjin doemtinken. It Frysk is op dit stuit noch rûnom yn libben gebrûk. Dat kin sa bliuwe, wannear't wy meimekoar de taal mear draachflak en macht jouwe. Dat is it fertrekpunt.

Yn de petearen, dy't wy breed yn de Fryske mienskip op gong bringe wolle, sille de ynwenners fan Fryslân har bewust wurde fan de feroarings dy't der nedich en/of winsklik binne yn:

- persoanlik taalgedrach (prate, lêze, skriuwe, twitterje, maile, ensafh);
- de taaloerdracht yn húshâldings;
- it ûnderwiis;
- de bejegening fan boargers troch oerheden (en oarsom...);
- de sprutsen en skreaune media;
- it brûken fan de taal yn ferienings en by sosjaal-kulturele aktiviteiten;
- de posysje fan de taal yn literatuer, kultuer en keunst;
- de kommersjele kommunikaasje,

wol it Frysk ek op langere termyn yn libben gebrûk bliuwe.

Wy ferwachtsje dat minsken nei in winter fol petearen oer it Frysk mei doel antwurd jaan kinne op de fraach: ûnder hokker betingsten kin it Frysk bliuwe? Se sille op basis fan dy wittenskip bewust de ôfwaging meitsje:

- **ja**, dy needsaaklike feroarings wol ik, de dêrfoar needsaaklike ynset is it my wol wurdich, of;
- **nee**, soks freget tefolle fan mysels en de mienskip. De te beteljen priis stiet net yn ferhâlding ta it doel. Konklúzje: dan wurdt it Frysk wierskynlik stadichoan wei.

Dêr sille wy it der dus goed oer hawwe. Foar in betroubere rapportaazje fan de resultaten is in goede ferslachlizzing fan de maatskiplike diskusje fan it grutste belang. Dan kin der mei de útkomsten wat dien wurde.

Alle ynwenners wurde útnoege har út te sprekken. It bliuwt net beheind ta in minderheid dy't har al lang foar de kwestje ynteressearret. In brede maatskiplike diskusje, dy't professioneel begelaat wurdt en stimulearre mei earlike marketing fan de heechste kwaliteit, daget de minsken út om mei te dwaan yn de petearen, lûkt publisiteit, soarget derfoar dat der ûnûntkomber wat op it spul stiet.

It wurd "brede maatskiplike diskusje" hat foar guon minsken in negative byklank. Sealtsjes mei relatyf mar in pear minsken dy't yn it healtsjuster dreech sitte te kedizen, sa sawat. Mei de moderne, relatyf goedkeape middels om multymediale presintaasjes te meitsjen, mei de grutte mooglikheden om fia websites, e-mails, blogs, apps en sosjale media te kommunisearjen, is sa'n byld folslein efterhelle. Regionale radio en televyzje hawwe mear mooglikheden as earder. Mar ek kranten en tydskriften kinne mei har tanimmende fleksibiliteit in stimulearjende rol spylje yn dit spesjale maatskiplike debat.

Wat ús foar eagen stiet is in fonkeljend petear, net in mieningsútwikseling wêrby't minsken har yngrave yn har eigen opinys, mar in breed, himsels fermannichfâldigjend maatskiplik debat, wêrby't minsken lústerje en echt reagearje op elkoar. Wêrby't hja der op út binne om de kwaliteit fan eigen en oarmans mieningsfoarming te ferbetterjen. Om dy kwaliteit te berikken, is

in profesjonele opset nedich. Dizze maatskiplike diskusje is net frijbljuwend.

Troch de diskusje krije wy in better byld fan de kânsen dy't der foar de takomst fan it Frysk lizze. Dêr kin elk yn syn persoanlik libben, dêr kinne húshâldings, skoallen, oerheden, organisaasjes en bedriuwen har foardiel mei dwaan.

#### **4. De wize fan diskusjefieren**

##### *4.1 Tarieding*

Alderearst wurdt der in soad tiid stutsen yn de tarieding. Dat sil nei ferwachting minstens in jier nimme. Der wurdt relevante, wittenskiplik ferantwurde ynformaasje by elkoar brocht oer it Frysk en oare minderheidstalen en oer de sprekkers fan dy talen. En ûnder hokker kondysjes minderheidstalen yn libben gebrûk bliuwe. Dy ynformaasje wurdt sa tagonklik mooglik makke foar in breed publyk. Dêrby giet it om in ynteraktive website, in hûs-oan-hûskranke en op spesifike situaasjes en doelrûnten tasnien materiaal. Alles oantreklik foarmjûn, mei koarte films, strips, tapaslike bylden, inkelde videogames, cartoons en pakkende teksten, sawol op papier as digitaal. Dêrby is it net de bedoeling wurk fan oaren oer te dwaan: der is in soad gaadlik materiaal dat hiel goed foar dit doel te brûken is.

Foar de ferskillende typen petearen (algemien, foar spesjale doelrûnten of om beskate tema's hinne) wurde draaiboeken makke. Om de petearen op gong te bringen binne der by útsûndering lêzingen en sprekkers, mar benammen sil der wurke wurde mei ferheljend byldmateriaal, mei powerpoints d't har eigen ferhaal fertelle en dêr't de sprekker heechút in beskieden rol by hat.

Al it ûntwikkele materiaal wurdt foarlein oan saakkundigen dy't it tige kritysk hifkje, foardat it syn definitive foarm krijt.

##### *4.2 Profesjoneel*

Foardat de diskusje begjint, wurdt der in sfear opropen wêrby't safolle mooglik minsken it gefoel krije: „Hjir sil wat bysûnders barre. Ik mei dit net misse, want it giet my en myn takomst oan.” De startaktiviteit sil tige de oandacht lûke en is passend by it karakter fan de diskusje.

By dit alles is fan it alderearste begjin ôf in profesjonele oanpak en útstrieling fan grut belang. Soks kin net faak genôch beklamme wurde, want anno 2018 binne minsken wend oan in heech nivo fan marketing, propaganda, reklame en presintaasje yn en mei alle beskikbere media. In aktiviteit dyt ûnder dat nivo bliuwt, hat fuort in ferkeard imago dat letter net mear te reparearjen is. In BMD oer de takomst fan it Frysk is by in dilettantyske oanpak kânsleas en krekt skealik foar it Frysk en Fryslân. Dêrom sil de stifting BMD Frysk net earder mei de diskusje útein sette as wannear't der foldwaande fûnsen foar de finansiering fûn binne.

##### *4.3 Werkenbere foarbyldsituasjes*

As minsken net folle referinsjekader hawwe, bliuwt in diskusje gau abstrakt. Dêrom: werkenbere foarbyldsituasjes. Wy wurkje as yllustraasje ien sa'n situaasje wat fierder út.

Mei âlders en learkrêften op in basiskoalle soe men stellingen beprate kinne as:

- „Ik wol graach dat myn bern wat leare oer de taal en skiednis fan Fryslân”
- „Alden moatte belangstelling toane en ek thús mei de bern prate oer wat se leare oer Fryslân en it Frysk”
- „It is in treflik idee dat de bern by it muzykûnderwiis ek Frysktalige ferskes sjonge”
- „Dat juffen en masters en bern mei mekoar ek Frysk prate op skoalle, neist Nederlânsk en Ingelsk, fyn ik fanselssprekkend”
- „At it Frysk Museum in gaadlike permaninte tentoanstelling hat oer skiednis en kultuer fan Fryslân, dan moatte bern op ‘e basiskoalle dêr no en dan mei de hiele groep hinne”
- „Frysk heart in fêst en folweardich fak te wêzen fan it basisûnderwiis yn Fryslân”
- „Skoallekrantsjes, websites en ynformaasjebulletins fan skoallen binne sa rûchwei foar de helte yn it Frysk skreaun”
- „Op âlderjûnen en skoallefeesten wurdt it Frysk brûkt”
- „Yn Fryslân kinne op basiskoallen allinne mar masters en juffen wurkje dy’t it Frysk skriftlik en mûnling goed yn ‘e macht hawwe”

By soksoarte stellingen kin elk him of har wat yntinke en dêrmei hat men in konkreter byld by wat „mear omtinken foar it Frysk op skoalle” ynhâlde kin.

Boppedat jouwe se in helder byld fan wat der praktysk nedich is oan feroarings yn en om it ûnderwiis, wol it Frysk der ek yn ‘e takomst noch wêze.

Boppesteande stellings binne goed yn byld te bringen mei lytse toanielstikjes op fideo. Dy toanielstikjes moatte de dilemma’s toane dêr’t âlden, bern en personielsleden mei te krijen hawwe by it yn praktyk bringen fan Frysk yn it ûnderwiis. Ynteraksje dy’t giet oer mear of minder Frysk. Ynienen konfrontearre wurde mei in op in mear of minder freonlike toan steld fersyk oft it ek yn it Nederlânsk kin. Situaasjes dy’t even wat ekstra omtinken fergje om in soarchfâldich antwurd te jaan. De fideo kin even stopsetten wurde om de oanwêzigen har ôffreegje te litten: „Wat soenen wy dwaan en sizze op sa’n stuit? Wêrom?”

Guon stellings binne konfrontearjend, en dêr kin it net sûnder foar in goede kwaliteit fan de diskusje. Sa krije wy krekt yn byld wat fan belang is. De lêste stelling út boppesteand rychje sil bygelyks gâns reaksjes oprope. In neutrale diskusjelieder sil dan alderearst mei de dielnimmers ôftaaste wêr’t de grins leit. Wat is in effektive gearstalling fan in skoalletiim, wannear ‘t wy goed en rom foldwaande Frysk ûnderwiis winskje? By in wat gruttere skoalle mei in tal dieltiders kin it miskien wat lije. Wat nei alle gedachten oerein bliuwt is it betingst dat de mearderheid fan de tiimleden en de skoallelieding goed Frysktalich en posityf (yn hâlding en gedrach) oer it Frysk wêze moat. Dan is in flinke feroaring nedich yn ferliking mei de hjoeddeistige situaasje.

Wannear’t soks in dielnimmer oan de BMD te fier giet, kin it foar har of him in yndikaasje wêze om nee te sizzen by de ôfslutende fragen sa ‘t dy formulearre binne op side 5. Yn in goed begelaat petear is dat in legitym stânpunt. Net legitym is de ûntkenning fan bygelyks sa’n betingst oer de kompetinsjes fan it personeel as tige wichtige faktor foar it fuortbestean fan de taal. Gjinn (of suver gjinn) juffers en masters dy’t it Frysk folslein yn ‘e macht hawwe, betsjut gans minder takomstkânsen foar it Frysk. Gjinn hurde funksje-eask oangeande it Frysk betsjut tagelyk dat skoallen mear frijheid hawwe om persoanielsleden oan te stellen (en yn

tsjinst te hâlden) dy't it Frysk net of amper yn 'e macht hawwe. Dat kin en mei men as BMD-dielnimmer wichtiger fine, om allerhanne redenen, dan in goede oerdracht fan it Frysk oan bern. Mar beide tagelyk, goede takomstkânsen foar it Frysk yn it basisûnderwiis en in grut tal leararen dat it Frysk net of min behearsket, dat kin net. Koal en geit sparjende redeneerings, dy't yn wêzen de fraachstikken dêr't it om giet ûntwike, dêr sil de petearlieder alert opwêze.

Oant safier it spesifike foarbyld oer it basisûnderwiis. De BMD wurdt lykwols oer in breed skala oan ûnderwerpen fierd, iderkear oan de hân fan foarbylden, mei oansprekkende (yn 't foar mei profesjonele akteurs opnommen, sjoch „tarieding“) fideofragminten, op basis fan de ferskillende tema's.

De diskusjes wurde wêr mooglik ûnderstipe mei muzyk en kabaret. Der sil in soad romte wêze foar persoanlike ûnderfinings fan dielnimmers. Men kin ferhalen kwyt dy't yllustratyf binne foar de dilemma's dy't men meimakket by it brûken fan (en it konfrontearre wurden mei) it Frysk. De petearlieders soargje derfoar dat minsken sa koart mooglik krieme en tagelyk in soad oerbringe.

#### 4.4 *Treflike webmaster*

Pakkende of ûntroerende útspraken fan minsken krije op de website in aparte fermelding. De webmaster makket yn de perioade dat de diskusje rint deistich in update.

Hy soarget der ek foar dat der, fan de website ôf te heljen, lytse berjochten binne foar fersprieding fia de sosjale media. Om ek de jongerein ta aktive dielnimmers te meitsjen wurdt stevich ynset op dy sosjale media. Sawol op Facebook as op Twitter wurde siden en accounts oanmakke, om op dy wize in „viraal“ effekt te jaan oan it petear fia de digitale kanalen. Fia de nije media kin elk in folweardich dielnimmer oan de diskusje wêze. Op de website is goed te folgjen wat der fia sosjale media oan relevante bydragen foar de diskusje útwiksele wurdt.

Anonym bydragen leverje is net mooglik. Skellerij, ûnfoech praat, misledigingen en sa wurde fuortdaliks ferwidere. Wa't him of har dêroan besûndiget, wurdt skrast as dielnimmer. De website jout ek alle dagen in koarte gearfetting yn Ingelsk en Dútsk fan de aktiviteiten dy't plak fûn hawwe. Foar it oare is er folslein dûbeltalich: Frysk en Nederlânsk.

#### 4.5 *Goede petearlieders en ferslachskriuwers*

Der wurdt soarge foar in „pool“ fan goede petearlieders en ferslachlizzers. Dy petearlieders wurde treend yn it efektyf en op fergelykbere wize omgean mei falkûlen en deadwaners, dy't it praten oer it Frysk somtiden sa ferfelend meitsje. De algemiene jûnen wurde troch in duo presintearre. De ferslachlizzers wurde mei soarch selektearre en treend yn it gearfetsjen fan de diskusjes yn libben, mar geef Frysk en Nederlânsk. En fansels sa objektyf mooglik. Dy ferslaggen en gearfettings binne fuort dernei beskikber, op papier en fia de website.

#### 4.6 *Temajûnen, doelgroepen*

Der sil royaal romte socht wurde om yn te spyljen op spesifike tema's en situaasjes. By foarkar op lokaasje: skoallen, ferienings, bedriuwen, oerheid, tsjerken. It kin op inisjatyf fan de BMD-organisaasje of fan de minsken sels. Foar it ûnderwiis, de oerheden, de tsjerken en de typysk Fryske organisaasjes en ynstellings (de „beropsfriezen“ sjoch ek ûnder 2) wurde



draaiboeken taret, mar der sil foldwaande kreativiteit yn de organisaasje sitte om ek maatwurk te leverjen.

#### *4.7 Algemiene jûnen*

Der wurdt in basissearje fan sa'n tweintich jûnen organisearre mei in fergelykbere útnoegjende opset, tagonklik foar elkenien, te hâlden yn in winterskoft op plakken rûnom yn Fryslân. Dy opset wurdt (krektlyk as de doelgroep-oanpak dy't hjirfoar sketst is) troch in tiim fan profesjonele meiwurkers ûntwurpen en begelaat: marketiers, sjoernalisten, foarmjouwers, regisseurs, edukatyf wurkers en opbouwurkers. De hiele Fryske befolking wurdt dêrfoar útnoege.

De parse sil nei alle gedachten de diskusje yntinsyf folgje.

### **5. Ôfslutende fragen**

Alle groepsdiskusjes wurde ôfsletten mei de fragen dy't op side 5 formulearre binne. Koart kriemd komme dy hjir op del:

- Jawis, der is neffens my folle mear persoanlike en maatskiplike ynset nedich om it Frysk yn libben gebrûk te hâlden, dat fyn ik belangryk en dat mei om my ek wat kostje of

- mear ynset en jild foar it Frysk fyn ik net nedich, ek maatskiplik net, at ik it ôfwaagje tsjin oare maatskiplike en persoanlike belangen.

*Wat sil de útkomst wurde?*

Guon fan de inisjatyfnimmers tinke dat yn it winterskoft dat de maatskiplike diskusje hâlden wurdt de minsken har rûnom bewust wurde sille fan de rykdom dy't wy yn dy taal mei-inoar besitte. Sy ferwachtsje dat minsken foar harsels en oaren nei dy petearen better ûnder wurden bringe kinne wêrom 't it foar har fan wearde is dat de Fryske taal bliuwt. En dat se der wat foar oer hawwe. Mar it kin ek wêze dat in mearderheid fan de minsken de ynspannings te grut en de te beteljen priis foar it fuortbestean fan it Frysk te heech fynt. En dat sy krekt better as foarhinne ûnder wurden bringe kinne wêrom 't it brûken fan it Frysk net stimulearre hoecht te wurden.

*Nij entûsjasme nedich!*

Guon leafhawwers fan it Frysk fine dat lste in risiko en wize it hiele idee foar in maatskiplike diskusje dêrom ôf. Sy sjogge dan lykwols oer de holle dat by oanhâlden fan de besteande tastân der hieltyd minder sprake wêze sil fan in stimulearjend maatskiplik klimaat foar it Frysk. Sûnder nij entûsjasme by famylje, kollega's, freonen en goekunde, sille minsken it dreech fine om in bewuste kar foar it mear en faker brûken fan it Frysk te meitsjen. Sûnder oantoanber draachflak sil gjin polityk gremium, gjin skoalbestjoer, net ien skreaun medium oergean ta yntinsivearring fan de ynspannings foar it Frysk.

## 6. Nota bene

**Omtinken fan alle kanten.** De BMD Frysk sil in protte oandacht lûke yn Fryslân, Nederlân en rûnom yn de wrâld. Fryslân set himsels yn de skynwerpers mei itjinge dat him it meast eigen is.

**Dynamyk en respekt.** It sil fantastysk wêze om te sjen hoe't de diskusje syn eigen dynamyk en útstrieling krijt. Dêr binne wy op út. Pittich, ferrassend, sprankeljend, humorfol, emosjoneel, dat mei it allegearre wurde. Mar wol mei romte foar elkenien. Tsjinstanners, foarstanners en foaral dyselden dy't twifelje. De profesjonele organisaasje sil safolle kwaliteit hawwe dat sok respekt yn alle situaasjes liedend is en dat der tagelyk effektyf en flot op dy eigen dynamyk ynspile wurde kin.

**Wis, in protte minsken hâlde fan it Frysk.** De posysje fan de taal yn it sosjaal- kulturele domein is sterker as earder. Der wurdt yn songen en toanielspile dat it sta seit. Rou-advertinsjes, by útstek in symboal fan belutsenens en emoasje, binne tsjinwurdich foar mear as in tredde part yn it Frysk. By Omrop Fryslân dogge se mei eigentiidske en oarspronklike programmearring tige har bêst. Mei fanwege de taal is it ien fan de bêst beharke en besjoene regionale stjoerders.

Ynearsten is it Frysk noch net wei. Sa rûchwei rûsd binne der hjoed de dei sa'n fiifentritichtûzen bern fan tsien jier en jonger dy't it Frysk as earste of twadde taal fan thús út meikrije.

Oan formele rjochten en goedwollend belied-op-papier ûntbrekt it ús taal net. Op de wei fan geunst nei rjocht binne wy al in hiel ein foardere. Mar at wy rjochten en kânsen slûpe litte, is de ferwachting reël dat Friezen oer fyftich jier werom sjogge en dan tinke: hienen wy der earder wat mear oan dien, dan wie it safier net kommen.

## 7. De organisaasje

Wy stelle ús it folgjende foar. Der komt in tydlik (nei alle gedachten foar trije jier) besteande profesjonele organisaasje foar dit doel. Dy organisaasje bliuwt relatyf lyts en is der pas wannear't der ek echt wurk is. Der is in kearn fan fjouwer eigen personielsleden. De mooglikheid om saakkundigen út wittenskip, ûnderwiis, digitale media, folwoeksene-edukaasje, foarljochting en foarmjouwing yn te skeakeljen wurdt optimaal brûkt. Fansels leit dat 'BMD-buro' effektive ferbinings mei alderhanne organisaasjes dy't dwaande binne mei it Frysk en no al bestean. Krêften kinne bondele wurde, in hiel soad bestand materiaal kin al of net oanpast no wer brûkt wurde; wêr mooglik moatte aktiviteiten fan bygelyks Tresoar, Afûk, Akademy opnommen wurde of op oare wize ferbûn wurde mei de maatskiplike diskusje. Fan belang is dêrby dat it BMDburo flot en ûnôfhinklik operearje kin en net behindere wurdt troch formele oerlisstruktueren of dreech funksjonearjende gearwurkingsferbannen. Betink dêrby dat ek de beropsfriezen mei in spesjaal programma benadere wurde sille as dielnimmer oan de BMD. Sy meie en kinne gjin formele ferantwurdlikheid hawwe foar de organisaasje.

Dy ynhâldlike ûnôfhinklikheid is boppedat fan belang foar it suver hâlden fan de doelstelling: gjin propaganda, mar foarljochting, iepen gedachtewiksling en nuansearre mieningsfoarming.

De organisaasje hat en hâldt de stiftingsfoarm. It bestjoer lit it wurk anst safolle mooglik dwaan troch de profesjonele organisaasje, mar is gjin bestjoer op ôfstân. It is belutsen, lit him goed ynformearje, is ferantwurdlik en oan te sprekken op de kwaliteit fan de diskusje.

## 8. Fûnswerving, tarieding en stapsgewize opbou

Foar it buro, de organisaasje en de aktiviteiten is jild nedich. Rûchwei €1,5 miljoen foar dy trije jier. Dat jild wurdt by elkoar brocht foar twa fazen: de ûntwikkelingsfaze en de útfieringsfaze. Yn de ûntwikkelingsfaze wurket it bestjoer mei twa meiwurkers. Yn de útfieringsfaze is der foldwaande budzjet foar in folweardich BMDburo as spil yn de organisaasje .

- *Úntwikkelingsfaze*

De Provinsje Fryslân soarget foar in startbudzjet. Mei dat startbedrach (tink hjirby oan in totaalbedrach fan teminsten € 125.000) wurde û.o. foar in jier twa meiwurkers yn dieltiid oansteld, dy't in projektplan en wervingsmateriaal meitsje en subsydzje-oanfragen fersoargje by Ryk, Provinsje, gemeenten, bedriuwen, en fûnsen. De ferwachting is dat der foar de útfieringsfaze sa'n sân ton fan de Provinsje nedich is, en dat sa'n bedrach ferdûbele wurde kin troch bydragen fan oare finansiers.

- *Utfieringsfaze*

Sadree't dúdlik is dat der foldwaande entûsjasme is en der genôch jildmiddels binne foar in folsleine BMD, wurdt alles op alles setten om in goede útfiering mooglik te meitsjen.

It doel fan it professjoneel wurkjen yn twa fazen is dat sa earst optimaal test wurdt hoefolle draachflak der is. En last but not least bliuwt sa de wurkdruk foar it frijwillige en ûnbetaalde bestjoer ek binnen proporsjes. Yn dat bestjoer sille minsken sitte moatte dy't sawol bestjoerlik as wat it Frysk oanbelanget yngongen, oersicht en motivaasje hawwe.

Wy sette yn op in diskusje yn oktober, novimber, jannewaris en febrewaris fan de winter fan '18/19. De start fynt dan plak yn it Kulturele Haadstêd- jier. De resultaten fan de BMD kinne presintearre wurde op in kongres en in manifestaasje yn bygelyks maaie '19.

## 9. Begrutting

Dit is in begrutting foar de **ûntwikkelingsfaze**. Dy sil rûchwei in jier duorje.

Yn dizze ûntwikkelingsfaze giet it om planûntwikkeling, draachflakferbreiding en fûnswerving foar de útfiering. Pas nei 't der foldwaande budzjet is fynt de feitlike brede maatskiplike diskusje plak.

It bestjoer wol him profesjoneel bystean litte troch in projekttarieder. Dit kin in selsstannige (zpp-er, freelancer) wêze.

**De taken fan de projekttarieder binne** (yn opdracht fan en gearwurking mei it bestjoer):

- realisaasje fan in reachside,
- gearstallen fan folders en oar yntroduksjemateriaal foar ferskate doelrûnten (ûnderwiis, kulturele en wittenskiplike organisaasjes, diverse oerheden, kulturele fûnsen, parse ensafh.),
- it kweken fan belangstelling, rûnom yn Fryslân, foar it idee,
- it sykjen fan gearwurkingspartners (profesjonele en frijwilligersorganisaasjes út it Fryske ûnderwiiskundige, kulturele en wittenskiplike fjild),
- it konkreet útwurkjen en beskriuwen yn draaiboeken en sa fan benammen de yn haadstik fjouwer en fiif neamde aktiviteiten,
- it oerlis mei amtlike en politike fertsjinwurdigers fan Gemeenten, Ryk en Provinsje,
- it oerlis mei potinsjele subsydzjejouwers foar de útfieringsfaze,
- it opstellen fan subsydzje oanfragen,
- it meitsjen fan begruttingen,
- it kontakt lizzen mei mooglike opdrachtnimmers foar funksjes lykas reachmaster, petearlieder, ferslachskriuwer, programmamakker, marketier ensafh.

**Foar de ûntwikkelingsfaze rûzje wy oan jildmiddels nedich te hawwen:**

- projekttarieder (1000 oeren a € 60 ynklusyf BTW)	€ 60.000
- administrative stipe (500 oeren a € 30 ynkl. BTW)	15.000
- húsfersting, burokosten (by foarkar fia ynwenning by, en gebrûk meitsjen fan de fasiliteiten fan, in besteande organisaasje)	5.000
- organisaasjekosten (bygelyks reiskosten, kosten dataferkear, software, hardware, porto)	10.000
- aktiviteiten- kosten (wervingsmateriaal, reachside, printwurk, kosten gearkomsten)	35.000
<b>Totaal</b>	<b>€ 125.000</b>

**De Provinsje is de meast foar de hân lizzende subsydzjejouwer foar dizze ûntwikkelingsfaze.**

**Foar de útfieringsfaze wurdt yn de ûntwikkelingsfaze in begrutting makke.**

In totaalbedrach fan likernôch 1,5 miljoen liket lykwols in realistyske earste rûzing. Dêrfan soe bygelyks 50% troch de Provinsje, en 50% troch it Ryk opbrocht wurde kinne. Mooglik kinne ek Europeeske fûnsen in bydrage leverje.